

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder	
--	--

Rjochte oan DS / lid DS	Deputearre Fokkens/Hoogland
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>De gemeenteried fan De Fryske Marren hat op 13 febrewaris 2019 it beslút naam om gjin yndustrysânwinning yn de Iselmar ta te stean. In healjier earder hie Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân in Ferklearring fan gjin betinkings (vvgb) op grûn fan Wet natuurbescherming ôfjûn foar de sânwinning.</p> <p>Omdat mei it beslút fan de gemeenteried de yn 2018 ferliende vvgb gjin doel mear tsjinnet, hat it kolleezje fan B&W fan De Fryske Marren – ek yn namme fan de ried –op 30 july 2019 frege om de vvgb yn te lûken.</p> <p>Ferwizings:</p> <ul style="list-style-type: none"> • Brief fan it kolleezje fan De Fryske Marren mei ûnderwerp: 'Motie Industriezandwinning IJsselmeer', 30 july 2019; • Brief fan DS oan Provinsjale Steaten, 'Verklaring van geen bedenkingen (Vvgb) op grond van de Wet natuurbescherming Smals Zandwinning IJsselmeer', kenmerk 01569835, 11 septimber 2018.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hat it kolleezje fan DS it brief fan it kolleezje fan B&W fan De Fryske Marren fan 30 july 2019 ûntfongen, mei dêryn it fersyk om de vvgb yn te lûken? 2. Hat it kolleezje fan DS yntusken foldien oan it fersyk fan de ried en B&W fan De Fryske Marren om de vvgb yn te lûken? Sa nee, wêrom net? 3. Hat B&W fan De Fryske Marren tusken it ferstjoeren fan it brief fan july 2019 en no (maart 2020) tuskentiids by de Provinsje oantrune op it ynlûken fan de ferklearring fan gjin betinkingens (vvgb)?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) Ut namme fan de FNP Steatefraksje, Sijbe Knol
---------------	---

Datum	3 maart 2020
-------	--------------